



Ut 'e Pinne
Ferienigingsblêd fan it Frysk Selskip
'Fier fan Hûs' Apeldoorn
Sûnt 9 desimber 1901



58^e jiergong nr 1 – septimber 2024

Personalia

Eareleden

Aafje Miedema - Loonstra.

Hennie Wiersma - Wiersma

Lammert Toering

Theun Ruim

Bestjoer

Foarsitter: Henk de Boer

De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen
06-53929111 henkank.deboer48@kpnmail.nl

Skriuwer: Gerrit Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700
fierfanhus.apeldoorn@gmail.com

Skathâlder: Piet Ypma

Croddendijk 3, 7434 PM Lettle
06-22898901 p.n.ypma@planet.nl

2^e Foarsitter:

fakatuere

Lid: Froukje de Wilde – Witteveen

Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek
0313-654859, witwil1940@gmail.com

Lid / ferlotting: Lammert van der Meulen

De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen,
055-5341500
lammervandermeulen@kpnmail.nl

Lid gastfrou: Atsje Roorda - Kooistra

Karel de Grotelaan 221, 7415 LV Deventer
0570-591174

Kritemeilibjen

It Kritemeilibjen wol graach op 'e hichte hâlden wurde fan sykte, ûngemak, en jubileums. Dan kinne wy meilibje troch in tillefoantsje, in kaartsje of in bisite.

Hennie Wiersma

Waagmeesterhoeve 509, 7326 RZ Apeldoorn,
055-5337614

Jose Bonder

Arbeidstraat 12, 7311 CT Apeldoorn,
055- 5223656

Sietske Stegenga

Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn,
055-3556700

By de foto op de foarside: Junloft boppe Wynjewoude Fryslan

Fan de foarsitter.

Henk de Boer

Wij binne wer los mei ús kriteaktiviteiten. As jo dit lêze ha ik jo miskien al troffen op ús kritermiddei yn septimber. Net, dan hoopje ik jo te sjen op sneontemiddei 28 oktober.

At jo op ús jiergearkomste west ha dan binne jo al yn'e kunde kommen mei ús nije ponghâlder Piet Ypma. Fierderop yn dizze Út 'e Pinne stelt hij him yn it koart foar.

Wat in simmer ha wij hân. Earst in wiete boel, mar nei july krigen wij noch in moai skoft mei sinne. En slakken, dy wienen der ek, ik hearde guon minsken sizzen dat se noch noait sa'n soad slakken yn'e tún meimakke hienen. Der waard oer skreaun yn kranten en tiidskriften. Ynienen hienen we in protte slakkedeskundigen dy't fertelle koenen hoe't it koe, dat der sa'n soad slakken wienen en wat men der tsjin dwaen koe.

Ha jim it programma fan Huub Stapel en Nynke de Jong ek sjoen? In moai programma fûn ik it, dê't de skiednis fan it ûnstean fan Fryslân en it hjoeddeiske Fryslân, moai toand waard. Lang ear't Nederlân bestie, sweefden Friezen de Europeeske kusten bijlâns fan Denemarken oan't fier yn België. De bân fan de Friezen mei it wetter, de drang nei frijheid, it oanbegjin fan it sosjalisme, de agraryske rykdom fan Fryslân. It bysûndere ljocht fan it fryske Heitelân en de fryske taal en identiteit waerden wydweidich yn byld brocht. Ek it skûtsjesilen en it keatsen. It springen mei de pols dat woe bij Nynke net rjucht slagje. Sij hold der in wiet pak oan oer. Moai dat in groepke fan trije dames yn it noarden fan Dútslân har Saterfries yn eare holden mei de lietsjes dy't se songen. En Piter Wilkens dy't in pear lietsjes song, û.o. It Heitelân en It Paad Werom. Fryslân kaam troch dit programma "goed op 'e kaart" fûn ik. Op ynternet kinne jo alles noch wer sjen: "Het vuur van de Friezen".

Ja, en dan ús eigen programma. Sneon 28 oktober komt it toanieselskip Fjoer mei it stik: "Alles went, behalve een Vent". Dit stik ha Gerard Cox en Joke Bruys yn in soad teaters spile. Se hienen alle sukses dermei.

Meast mei in toanielstik binne wij te gast yn it Ugchelens Belang. De beheerders fan no hâlde dermei op om it ferstjerren fan Toon Hartgers. Hoe't it fierder giet mei it beheer moatte wij ôfwachtsje. Yn it earstoan geane wij der fan út dat der nije beheerders komme en dat wij op deselde manier telanne kinne yn it Ugchelens Belang.

Wês jimmer fleurich, wol te moed,

Want, o, dat docht it hert sa goed,

In golle laits, in fleurich sin,

Is it beste wat ik jimme winskje kin

It nije kriteseizoen stiet foar de doar en is hast al begûn as jimme dit lêze.
De kritebrief fan augustus is er noch mar krekt út, en no al in Pinne.

Yn de lêste gearkomste fan it bestjoer is al neitocht oer it 125 jierich bestean fan ús krite, yn 2026. Dat moatte wy eins grut(sk) fiere. Mear hjir oer komt yn de kommende tiid wol nei bûten, én, as der minsken binne dy't ideeën hawwe oer op hokker wize wy dit fiere kinne... lit it witte oan it bestjoer. It wurdt ek jimme feest!

Foar it bûsboekje

It bestjoer hat it programma foar 2024 – 2025 yn grutte halen al klear, mar troch it ferstjerren fan de beheader fan Ugchelens Belang, Toon Hertgers, is it noch net wis of wy yn 2025 yn UB terjochte kinne foar ús aktiviteiten. Wy moatte dat efkes ôfwachtsje.

Wat wol fêstlein is:

- 26 oktober om 14.00 oere, yn Ugchelens Belang oan 'e Bogaardslaan 81 komt Téaterselskip Fjoer mei it stik 'Alles went...'.
Fierder steane de folgjende datums op 'priemmen:

- 11-01-2025 Nijjiersbesite
- 08-03-2025 Toanielmiddei
- 12-04-2025 Ledegearkomste

Kritemeilibjen

Yn de ôfrûne tiid binne trije leden ferstoarn:


- op 4 maaie fr. Grietje Sibbeltje de Vries-de Jong, yn de âldens fan 91 jier.
- op 29 juny dhr. Jeep de Jong, yn de âldens fan 90 jier.
- op 30 july fr. Ans Abma-Flinterman, yn de âldens fan 85 jier.

De krite hat troch it stjoeren fan in kaart of it oanwêzich wêzen by de kondoleânsje har meilibben toand.

Troch ferhúsjen en ferstjerren hat de krite op dit stuit noch 85 leden.

Saken út it Keninklik Frysk Boun om Utens

Weromsjoen op de AG en Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan 2024, 16 maart 2024, kin sein wurde dat dit in sukses wie. Yn de MYM gong it oer Waling Dijkstra (ek tafallich de namme fan de organisearjende krite fan Meppel). De hearen Waling Dijkstra (bernsbern fan 'Waling-om'), Goffe Jensma en Abe de Vries hienen nijsgjirricke ferhalen. It is op dit stuit noch net bekend wêr't de Algemiene Gearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan it Boun hâlden wurde sil. De datum leit wol fêst: 29 maart 2025.



Frieze-producten.nl

Online Friese kado's

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

www.frieze-producten.nl

06-53259385

HAIRSTYLING DICK

UW HAAR IS ONZE HOOFDZAAK

055 3555991

ASSELSESTRAAT 269
7312 CV APELDOORN
06 55558174

HAIRSTYLINGDICK@HOTMAIL.COM
ING 653115008

HOZA

SUPERCENTER

Voor vakman en hobbyist

GEREEDSCHAPPEN - TUINHOUT - TUINMEUBELEN

Zwolseweg 323 7345 AA WENUM-WIESEL

055 - 521 98 75 * info@hoza-apeldoorn.nl * www.hoza-apeldoorn.nl

Oantekens Algemiene Ledegearkomste 2023 fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs", Apeldoorn op 13 april 2024 yn de Duiker, Ugchelen (Konsept)

1. Iepenjen

Om 14.00 oere iepenet de foarsitter, Henk de Boer, de Algemiene Ledegearkomste fan it Frysk Selskip "Fier fan Hûs" oer it jier 2023, yn de Duiker te Ugchelen. Oanwêzich binne Henk de Boer, foarsitter en ponghâlder (a.i.), en bestjoersleden Lammert v.d. Meulen en Gerrit Stegenga (skriuwer). Bestjoersleden Froukje de Wilde (hat in krêmaasje), Atsje Kooistra (fakânsje) binne der net.

Der binne fierder 16 leden; dêrûnder de eareleden Aafje Miedema, Lammert Toering, Theun Ruim en Hennie Wiersma.

Ofmeldings binne der fan José Bonder, Wouter en Aukje de Boer, Tinus en Truus Klooster, Sino Hofstra, Jeep de Jong en Gé Oosterhoff.

De foarsitter seit dat dizze gearkomste eins de ein fan it seizoen is. Yn septimber starte wy wer mei de kritermiddei.

Hjirnei is de gearkomste, dy't giet oer it jier 2023, iepene.

2. Fêststellen fan de wurklist

Oan 'e wurklist wurdt neat tahekke.

3. Meidielings

De minsken dy't harren ôfmeld hawwe, wurde neamd.

Hjirnei wurde de leden dy't yn 2023 ferstoarn binne, steand betocht.

Henk de Boer seit dat nei de gearkomste Gerrita Otten, fan de krite Utert/Seist komme sil, mei har kwis oer Fryslân.

Fierders seit Henk dat op 26 oktober it teaterselskip Fjoer komt, mei harren stik 'Alles went'. Dit sil opfierd wurde yn Ugchelens Belang.

Gerrit Stegenga dielt mei dat de krite Hurderwyk okkerdeis opheft is. Sy hawwe harren leden frege oft se de e-mailadressen trochjaan mochten oan de krite fan Apeldoarn, Lelystêd en Swol. Dat mocht. Dizze minsken binne allegearre oanksreaun, en 2 dêrfan hawwe oanjûn dat se graach op 'e hichte bliuwe fan ús aktiviteiten. Dat kin fia de e-mail.

4. Ynkommen en útgjene stikken

Der binne gjin ynkommen en útgjene stikken dy't yn de gearkomste neamd wurde moatte.

5. Ynfentarisasje punten fan omfreegjen (sjoch wurklistpunt 14)

Der binne noch gjin minsken dy't wat te freegjen hawwe.

6. Oantekens fan de Algemiene Ledegearkomste fan 14-04-2023 (oer in kritejier 2022)

De oantekens steane yn de lêste Pinne. Der binne gjin fragen of opmerkings oer.

Se wurde fêststeld mei tank oan de gearstaller.

7. Evaluaasje fan it kritejier 2022

Dit punt wurdt behannele tagelyk mei punt 8.

8. Jierferslaggen

8.1. fan de skriuwer

De gearkomste hat gjin fragen of opmerkings oer it jierferslach. It stie yn de lêste Pinne. It jierferslach wurdt fêststeld, mei tank oan 'e gearstaller.

8.2. fan de ponghâlder

8.2.1. eksploitaasjerekken 2023

Henk de Boer jout in taljochting op de sifers dy't yn de gearkomste útdield binne. Der binne guon leden dy't harren kontribúsje oer 2022 pas yn 2023 oermakke hawwe. Dat bart eins elts jier wol, dat se nei 31 desimber betelje.

Der is in tekoart fan € 705,- en dat sil de kommende jierren ek sa wêze. Wy buorkje stadich efterút, mar sille besykje dat wy it jubileum yn desimber 2026 (125 jier) noch helje.

Fierders binne der gjin fragen oer de eksploitaasjerekken.

8.2.2. balâns 2023

Der binne gjin fragen oer de balâns.

8.3. fan de boekeferkeap

De boekeferkeap levert dochs elts jier noch wat op. Froukje de Wilde wol graach witte oft de leden de boeketafel yn stân hâlde wolle. Dat wolle se. De tafel is neist in ferkeapplak en in moetingssplak en dat moat sa bliuwe. De leden binne bliid dat er der is.

8.4. fan it kriteimeilibjen

Hennie Wiersma jout ynsjoch yn it wol en wee fan it kriteimeilibjen. Yn 2023 wie it net nedich om de kas oan te foljen.

Oersicht kriteimeilibjen 2023

	Yn	Ut
	111,60	167,2
Saldo	119,86	64,26
	231,46	231,46

8.5. fan de kaskommisje

De kaskommisje, hr. Toering en hr. Nieuwland, hat de boeken neisjoen. Lammert Toering docht ferslach:

“Op 21 maart hawwe Johan Nieuwland en ik kaskontrôle hâlden by ús foarsitter én ponghâlder, Henk de Boer, yn Brummen; in man mei twa petten en ik hoopje dat Henk hjoed efkes langs de kapstok gien is.

Wol aardich gau sieten wy oan de kofje mei in heerlike fulde koeke.

Nei in lyst skoffke moast it mar heve.

Henk hat in laptop en de útprinte losse blêden leine klear. Henk siet oan de iene kant fan de tafel, wy, de kontroleurs, oan de oare kant. Ien foar ien skowde Henk ús in blêd ta.

Fraach – en oarsom. It gong fan in leien dakje.

Yn it kriteblêd ha wy lêze kind it ferslach fan ferline jier: loovjende wurden. Dat is dit jier net oars!

It gehiel seach der kreas, korrekt en oersichtlik út. Gjinn foutsje fûn. Dus it sifer dat wy jaan wolle is in dikke 10! It kaam út de LAPTOP en wie TIPTOP yn oarder.

Ta beslút kinne Johan Nieuwland en ik, Lammert Toering, ferklearje oan't bestjoer fan de Fryske Krite Fier fan Hûs te Apeldoorn, dézjarge!”

De gearkomste nimt dit mei applaus oer.

9. Konsept begrutting 2024 en 2025

Henk de Boer jout taljochting. De begrutting giet oer 2 jier, want mei 2024 binne wy al úteinset. Der is in tekoart begrutte fan sa'n € 720,-. Dat sil de kommende jierren net oars wurde. Der binne gjin fragen oer de begrutting.

10. Beneaming nij lid kaskommisje

Hr. Nieuwland is ôftredend. Hy wurdt betanke foar syn wurk. Reservelid Gerard Beldman wurdt no kaskommisjelid neist Lammert Toering. Fanút de gearkomste is der gjin oanmelding foar reserve kaskommisjelid. It bestjoer sil de ledelist neigean en minsken benaderje. Der moat wol ien komme.

11. Bestjoersferkiezing

11.1. Ponghâlder

It bestjoer is der yn slagge en fyn in geskikte kandidaat yn de persoan fan de hear Piet Ypma. Hy fertelt it ien en oar oer himsels. Fierders seit er dat, as hy ponghâlder wurdt, der gjin kontante kontribúsje mear betelle wurde kin. Alles moat fia de bank. Dat is folle noflikker en makliker.

Op de fraach oft er ponghâlder wurde kin, andert de gearkomste mei applaus. De hear Ypma nimt sit yn it bestjoer.

11.2. 2^e foarsitter

Dizze fakature is noch net ynfold. It bestjoer stelt út om dat no ek noch net te dwaan. It wurk kin mei it deistige bestjoer wol dien wurde. De gearkomste is it hjir wol mei iens.

11.3. Gastfrou

Fr. Atsje Roorda is ôftredend, mar wol werkiesber. It bestjoer stelt út om har wer yn te hieren. De gearkomste fynt dit in goed idee en hat der applaus foar oer.

12. Earje en wurdearje

Der wurde dit kear gjin spjildsjes útjûn.

13. Wurklist 2024 - 2025

Op 18 septimber start it nije seizoen mei de kritermiddei yn de Duiker. Earst efkes mei de kontaktpersoanen en dernei... dat bliuwt noch efkes in ferrassing. En fierders:

- 26 oktober komt teaterselskip Fjoer mei harren foarstelling 'Alles went...'. Yn Ugchelens Belang; start 14.00 oere.

- 11 jannewaris de nijjiersbesite yn Ugchelens Belang.

- yn maart in kritermiddei yn Ugchelens Belang.

- 12 april de ledegearkomste yn de Duiker.

Fia de Pinne en de kritebrieven komt der mear ynformaasje as dat der is.

As de minsken gaadlike stikken witte, dan graach trochjaan oan it bestjoer.

14. Omfreegjen.

Lammert Toering neamt Sippy Tichelaar, hurdrydster, kommentatrise fan it skûtsjesilen en skippersfrou, dyt in nijsgjirrich ferhaal hat oer dizze saken. Faaks is dit wat foar in kritebarren. It bestjoer sil der mei oan 'e slach.

15. Sluten

De foarsitter seit tank oan de oanwêzigen foar kommen en ynbring en slút de gearkomste.

Hjirnei komt Gerrita Otten (fan de krite Utert/Seist) mei har kwis oer Fryslân. Tige nijsgjirrich, mar ek learsum. It wie in tige gesellige middei.

April 2024

Gerrit Stegenga



Teatergroep FJOER spilet
it premjêrestik

“ALLES WENT”

fan Dick van den Heuvel
frij nei Yvonne Kroonenburg
regy: Afke Toren
technyk: Sieger Rinsma
spilers:
Baukje Stavinga
Sietse de Vries
Jeroen van der Meer

FRYSKE KRITE APELDOORN

sneon 26 oktober 14.00 oere

Ugchelens Belang

Bogaardslaan 81, 7339 AN Ugchelen

Alles went fan Teatergroep FJOER.

Snoen 26 oktober yn Ugchelens Belang om 14.00 oere, sael iepen om 13.30 oere

Teatergroep FJOER hat al ferskate premjêrestikken spile rûnom yn Fryslân mar ek bûten de provinsje. Dit stik 'Alles went' is lykwols in boppeslach en hat yn Nederlân al lang syn spoaren fertsjinne. Yn it ferline is it spile troch Gerard Cox en Joke Bruys en dy ha der in protte sukses mei hân.

It stik is basearre op it boek 'Alles went behalve een vent' fan Yvonne Kroonenberg (1989.)

It 'feministyske' humoristyske boek soarge der foar dat de titel fan it boek in 'fêste' útdrukking waard.

Wêrom dit stik? It is it ferhaal fan in maatskiplik slagge man en syn frou op leeftyd, mar it houlik hat syn bêste tiid hân.

Sûn, fit, finansjeel ûnôfhinklik, in goeie bân mei harren bern, pake/beppesizzer en in moai hûs. Wat wolle jo noch mear? 'Neat', seit hy wylst er fansels wol krytyk hat en leafst alle dagen: oer polityk, fuotbal, de auto fan de buorlju foar syn doar. 'In protte' seit sy. Sy wol graach wat nijs, wer 't je enerzjy fan krije en wêrtroch se har noch jonger fielt. Se sil studeare! Keunstskiednis. Hy snapt der neat fan en wol it ek net snappe. Sil de stúdzjereis nei Rome it fort dat harren houlik is, dan dochs ynstoarte litte?

Komme se der tegearre trochhinne, of sille se úteinlik elk har eigen wei gean? In ferhaal oer hâlden fan, lang tegearre wêze, âlder wurde, fêstrustke gewoanten en gean sa mar troch.

Frysk iten fan doe: KANDEEL

Yngredyjnten

5 gram pijpkaneele, 10 gram krûdnagels, de skyl fan ien sitroen, 2 dcl wetter, 6 aaidjirren, 100 gram basterdsûker, 1 liter rijnwyn, 1 pijpkaneele

Kraamdronk

Kandeel wie eartiids de kraamdronk. Famylje en goekunde waarden op dizze drank trakteard. De heit hie doe in mûts mei kant op en in keamerjas mei blommen derop oan om ferkearde geesten bij mem en bern wei te hâlden. De pijpkaneele, dêr't hij mei troch de kaneel rierde, moest hem sterk meitsje om dy geesten oan te kinnen. Bij de berte fan in jonge brûkte men in lange kaneelstok mei strikken. Bij in famke in koarte stok mei 1 strikje.

Klearmeitsje

Lit de kaneel de krûdnagel en de sitroenskiel 1 oer sacht trekke (net siede) yn 1 dl wetter. Seef it produkt en lit it kâld wurde. Dan de djurren mei de basterdsûker klopje dat it skûmet. It krûdeprodukt dertroch, alles au bain-marie opwaarmje en de rijnwyn derbij. Kandeel kin kâld as waarm dronken wurde.

Kraamdronk waard dronken út in kandeelgles as in persleinen kûmke

.

Dit gerecht komt út it Boek Friese Pot.

Wy wienen in pear dagen yn de greidhoeke fan Fryslân

Froukje de Wilde

Yn Boksum waard it Locatietheater/Iepenloftspul spile. Der binne wy hinne west. In grut part fan de ynwenners fan Boksum hawwe harren ynset om it iepenloftspul foarm te jaan.

Ulbe van Houten hat yn Boksum wenne en yn 1936 it boek “De sûnde fan Haitze Holverda” skreaun. It giet oer de greidboer Holverda en syn conflict mei syn Biltse ûngetiders. Dit ferhaal spilet sa rûndom 1900. We kuierden troch it doarp dêr’t alles yn de sfear lykas yn it boek beskeaun is. En dan nei de tsjerke der’t op it oargel spile waard. De kuiergong gong fierder oer âlde tsjerkepaden nei in greidpleats. We sieten bij dizze pleats bûten op striepakken, nei muzyk en útlis te harkjen. It ferhaal wie oanpast, mear hjoeddeisk. In bus út de fyftiger jierren brocht ús wer nei Boksum.

Wy kinne weromsjen op in moaie, bysûndere middei yn Boksum en omkriten.

It boek de Sûnde fan Haitze Holverda is yn it Nederlânsk op de boeketafel te besjen of te keap.

Ynformaasje oer inkele boeken.

Froukje de Wilde

“De 13 fan Obbe en Sjutsje”. Skreaun troch Mechtilde Postma en Goaitsen van der Vliet.

It is de histoarje fan de Postma’s dy’t op de pleats - **De Tempel** - yn ‘e Sânfurdterryp (5 km fan Blauhûs) wenne ha.

Mechtilde is in bernsbern fan Obbe Postma. Sy fertelt dat der by de tretjin bern njoggen wienen mei psychiatryske problemen. Doe neamd de sykte fan de geast, se doge net rjocht. De grins tusken oars en gewoan wie net skerp. Yn de boeremienskip waard der net folle oer sprutsen.

Fan alle 13 bern is der in libbensrin, stipe mei foto’s. Faaks binne it in tige skrinende ferhalen.

Mechtilde is in dochter fan Harm, de ienige soan dy’t trouwd is. Mechtilde hat de jongste bern fan Obbe en Sjutsje noch meimakke.

Fan Gerrit krieg ik it boek de “13 fan Obbe en Sjutsje” bedoeld foar de boeketafel. Miskjin net om it dadliks te ferkeapjen, mar om eltsenien dy’t belangstelling hat yn de gelegenheid te stellen dit boek te lêzen, dit is mooglik fia in rûlaasje systeem.



Foto fan de pleats de Tempel mei inkele bern fan Obbe en Sjutsje

Bern op 'e romte. fan de skriuwer Klaas Ybema

Ybema skriuwt oer it libben yn de sechstiger jierren op in pleats midden op 'e romte tusken Wytmarsum en Boalsert. Pankoeken hjit it dêr.

Hoe wie it om dêr as bern op te groeien fier fan de buorlju en oare bern. Earst sûnder stroom en wetterlieding mar midden tusken de greidefûgels.

Yn 45 ferhalen ferhalen fertelt Ybema (1955, ald ierdrykskundelearaar en waarman te Warkum) hoe it libben him dêr doe ôfspile. Foar ferskaate fan ús dy't yn ferlykbere omstannichheden opgroeid binne is it wol werkenber.



Klút & Mients ûntdekke eb en floed. (Laura Steigenga & en Sabine Tigchelaar) It is in berneboek.

De freonen Klút en Mients - twa fûgels - binne by de Waadsee. Mar it wetter is fourt! Se geane op syk nei de see en freegje allegear oare bisten: “witte jim wêr’t de see bleaun is en wolle jim helpe”, mar spitigernôch slagget dat net. De tekeningen binne sa ûntsettend moai. It is in aardich en learsum boek, foar bern mar likegoed ek foar folwoeksenen.

De priis is € 15,99.

HJERSTTINZEN

Men sjocht de iere hjerst al wer
Om beam en strûken strunen;
De ripe blêden kleurjend
Mei earste read en goud.
En oer de wide fjirten bliuwt
Sa'n teare dize hingjen
Dy't alles in ferstille oansjen jowt....

Men sjocht de skaden elke dei
In bytsje fierder fallen
En elke jûn wat earder ek
Ferlit ús wer de sinne.

Troch al dy dingen fielt men faak,
Hast sûnder erch, in langstme,
Nei dagen dy't al lang foarby
Of faaks noch takomst binne.

(dit is in gedicht fan Aafje Miedema Loonstra)

Bikend meitsje fan de nije ponghâlder

Piet Ypma

Myn namme is Piet Ypma. Yn 1947 berne op 6 pleats oan de Hiemerterleane yn Witmarsum, hikke en tein op it wiide flakke lân tusken Boalsert en Harns. Boppe my binnen noch fjouwer bern en ûnder mei noch in broer en in suske. De sounens fan ús heit wie min, yn de oarloch had hy pleuritis opdwaen. Njonken in faam en in feint holpen wy as bern ek faeks mei mei putsjes op it hiem. Us Teake en ik hawwen de kjeltjes drinken jown, yn de lammerij hellen wy de skiep binnen en brochten se bûten, en as de skiep en de lammen út elkoar gongen mochten wy de skiep jounsmelken sa dat ús mem skiepe-tsiis meitsje koe.

Doet ik 14 jier war, ferstoar myn heit yn syn 52e jier oan longkanker. It gefolg wie dat gjin ien yn ús famylje smoke. Myn âldste broer en in omke biheare de pleats.

Ik gong nei de Ulo yn Boalsert en nei ulo A en B teine ik nei Swolle nei de HTS om meer te learen fan werktuigbouwkunde. Nei de HTS moast ik yn de soldaterij. Ik kam earst yn Gilze-Rijen en dernei op fleanbasis Twinte. Yn Enschede moete ik Pauline en wy trouwden yn 1972. Tagelyk mocht ik studearre oan de TH now Universiteit Twinte. Wy wurden lid fan ut Frysk Studinte Selskip en Pauline gong nei de Fryske les.

Wy kriege trije bern Boukje, Tjitske en Fokke. Wy hienen net folle jild mar dochs fielden wy ús ryk en gongen mei ljeu fan de krite nei de wintersport!

Myn earste wurk wie als docint oan de Middelbare Agrarische Skoalle yn Utert. Techniek wie myn fak. Dernei gong ik nei de Hegere Agrarische Skoalle yn Dimter, better bekind as tropische skoalle. Wy kochten in hûs yn Harfsen oan it bosk. Wy stapten nei de Fryske Krite in Dimter Joast Halbertsma. Pauline siet by it sjongkoar en feaks gongen wy nei Cellarius yn Colmschate en it iepen Hôf yn Dimter foar toaniel ensf. Moaie tiden. Wy misten de romte en it wiide útsjoch dat yn 1992 kochten wy in hiel old pleats yn Lettele. Myn boerenbloed fleurde op en alle fakansjes en frije tiid stopte ik yn it forbouwe. Myn ambitie foar boer gong in fervulling en der kamen 50 skiep. Doe de bern op keamers gongen en trouwen nam Pauline ûntslach fan har wurk yn it ûnderwiis en iependen wy in Bed en Brochje yn it foarhûs. Folle nijsgjirrichen contacten en ûntmoetingss folgden, sa as mei Canadese veteraenen en harren famyljes.

Doe de Tropische Landbouwskoalle nei Wageningen ferhûsde koe ik stopje en earder mei pensioen. As jong pensionado storte ik my in it forieningslibben yn ús dorp. So bin it hjoeddedei noch skriuwer fan de KBO Lettele, ponghâlder fan de gearwurkende âldereinboun Dimter en hawwe wy hjier noch 5 hynders yn pension fan minsken út de stêd. Sels haw ik noch fiif skiep. Buten dat genietsje wy fan fiif bernsbern.

Myn hobbies binne schaken en reed-riden yn de natuer. Dat leste komt al minder foar mar ik haw noch wol in alvestêdenkrûske helle yn 1985. In 1997 haw ik ek riden, mar ik kaam 10 minuten te let yn Ljouwert oan!

Doe 't de Fryske krite yn Dimter stopte gongen wy nei Apeldoorn. Myn nicht Hiske en har man Leo ter Steege wiene der lid en sy dunsen ek by de skotsploech. Goun minsken hawwen harren wol kent, tink. Harren moaie kostums hawwe wy hjir noch hingjen.


Yn it nije jier hoop ik meer minsken fan Fier Fan Hûs te leren kennen. Ik sil my der foar ynspanne om it ponghâlder skip krekt sa soarchsum te dwaen as Henk dien had.

Oant. Sjen, Piet

**Kwaliteitsschoenen verdienen het om vakkundig
gerepareerd te worden**



Speulderweg 24
3886 LB Garderen
Tel (0577) 41773



FRYSK EN FARSK
DE HAAN'S BAKKERIJ
HOOGEND 13-15 SNEEK

‘Bungalopark fan mûlen’

Hein Jaap Hilarides

Stikky

Ik waar met buurman op pûd. Ik most tenke en wij stopten bij 'n pompstasjon. Wij dronken ut 'n pepieren beker koffy bij 'n tûntafel. Tussen de tafel en 'n sloat laai 'n grâsfeld. Op 'n bepaald plak stakken wel fyftig mollebulten boven 't grâs út. In 't hele feld deromhine waar gyn bult te sien.

'n Heel bungalopark,' saai buurman. "Must sien, allemaal ferskillende bungalo's. Die het un groat hús en die family het un klein húske.'

Buurman is opgroeid in Franeker. Die achtergrônd hoorst altyd werom in de taal. Wij dronken de koffy en in de brânende son fertelde buurman allegaar prachtige ferhalen over syn jeugd. Maar wij mosten weer feerder en wij stapten in 'e auto.

Achter 't stuur bleef dat beeld fan 'n bungalopark fan mûlen mij maar in 't hoofd om spoken. Souwen die mûlen ok 'n swimbad hewwe? Dat most dan de sloat weze, die't se dichtbij hadden. En 'n restaurant? Nou ja, de mînsen die't tenkt hadden souwen wel genog fortgooie of lêge late.

Hoe langer at ik d'r over nadocht, hoe loochiser at 't worde dat die mûlen der gewoan 'n Center Parks ônder de grônd hadden. Meskien ferhuurden se wel 'n sjaletsy an 'n muzefamily. Buurman had ok 'n 'mancave' anwezen, 'n klaine mollebult.

Der sou dan wel 'n frijeselle waterrot in sitte.

(Hein Jaap wennet yn it Bilt. Hy studearre Frysk oan de Universiteit van Amsterdam en skriuwt yn it Frysk, it Biltsk en it Nederlânsk).



De Sûnde fan Haitze Holwerda

Lutske Stienstra

Yn 1997 kocht ik bij ús boeketafel “De sûnde fan Haitze Holwerda” (1937) foar fiif gûne. De earste eigner hie der yn skreaun: “Ta oantinken oan Fryslân”, dy hie it kocht yn 1947. It giet oer in boer út’e greidhoeke en syn ûngetiders út it Bildt. Earder hie hij Grinzers yn’t wurk, mar dy koenen doe net. Wat foar folk soe hij no krije, de man dy’t him de nammen fan de meanders jûn hie, Haitze fûn him wat in swetser. Dat wat dy oanbrocht, dat koe fan fan alles wêze.

De Bildtkers kamen op sneintejûn. Doedestiids rûnen se, hienen gjin fyts (in jier arbeidslean), arbeiders bleaunen troch de wyks op it wurk. Want as it fierder fan hûs wie, allinne de sneins nei hûs.

Yn de regio om Blessum hinne waard it folk foar de ûngetiid fiif wiken ynhierd. Dat de bildtkers seinen ear’t se mei it wurk begûnen: “Wij make der reken op fan fiif weken, of de boer mot it nou daliks sêgge”. De boer grommele wat, hij sei net fan né. Yn geef frysk (net oerhimd mar oerstrûper, gjin yntusken mar ûnderwilens, gjin omjouwing mar omkriten, net wij gongen it frysk folkliet sjongen, net mefrou mar frou) wurdt ferteld hoe’t it er dêr om wei gie op ‘e pleats yn Blessum. Yn it hea sliepe.

De boer fiede him superieur, de arbeiders wienen him betiden frijernoach. Hij lies alle dagen út’e bibel. Neat oerslaan. Hij wie oan Jacobus ta. Mar it stik dêr’t er no oan ta wie, wie net foar arbeiders! “Uw rijkdom is verrot en uw uwe klederen zijn van de motten gegeten geworden; uw goud en zilver is verroest en hun roest zal u zijn tot een getuigenis en zal uw vleesch als een vuur verteren” ensf. De bildtkers tochten: dit sil hij wol oerslaan. En hij sloech it oer. Doe sei Hindrik: “Ik weet niet, maar ik loof hest dat de boer niet deselde bibel brûkt as wij thús?” It wie in slach foar de âlderling út de lytse Tsjerke. Hij koe it net ha dat in arbeider hem te plak sette.

Ik ha de bibeltekst opsocht. Myn bibel: Âlde testamint 924 siden, it Nije 268. It wie al even sykjen. Wij hienen thús in kinderbijbel. Dat ik wist al fan Kain en Abel, Jacob en Esau, Laban, Noach, Abraham ensf. ensf. De echte bibel, dat wie in oare saak.

As it thús net paste iet ik eartiids bij de buorljue. Alle, de buorman, (syn pakesizzer hyt no fan Alex): sei iterstiid “Ik sil lêze.” Hoe lang as hij lies, wat hij lies, en at hij alle dagen weroan in oare tekst naam, de bibel lies fan foaren nei achteren, gjin idé. Minsken as Maarten’t Hart en Jeroen Wolkers, it liek wol at dy de hiele bibel út’e holle koenen. Se sille thús de hiele bibel wol lêzen ha. Evensagoed, 1192 bledsiden binne in soad.

It wie in skoandere maitiid yn Blessum. De ûngetiid wie al nei fjouwer wike dien. Doe kaam it ta oan de sinteraasje. De bildtkers wienen foar fiif wiken oannommen. Haitze Holwerda wie net fan doel foar fiif wiken te beteljen, hoe’t dat beskreaun is is ek moai.

Fansels, der binne dingen yn it boek, dy’t ûnwierskynlyk binne. Dat fan de bibel, en dat de boer einlings sels fynt dat er in smoarge streek útheefd hat. It bliuwt prachtferhaal. It wie de fiif gûne wol wurdich.

Op 7,8 en 12 juny 2024 is der teater oer Haitze Holwerda yn de tsjerke fan Boksum west. Om nei te genietstjen sjoch efkes de plaatjes op dat ding.

Fierders is der in Haitze Holwerda paad, 8 Km, tusken Boksum en Blessum.



Fleurop



bloemen met een boodschap

Wy binne net de grutste en wis ek net de goedkeapste. Wat wy wol bewoare:

Wy hawwe in grut assortimint tsjin reedlike prizen.

Jo moatte mar ris komme te sjen !!!

H.J. STEGEMAN

Email: margrietbloemen@vbw-groenplein.nl

www.flowerserviceapeldoorn.com

Schubertlaan 20, 7333 CV Apeldoorn, Till. 055-5332655



FUTURUM GEAR
ONLY AVAILABLE AT WWW.FUTURUM.CC

These garments weren't designed for ordinary people. They were designed for cyclists. Half man, half bike. Both halves as light as possible, so they can carry the heavy desire of the mind. And the pain.

Futurum is a natural born cyclist. Futurum feels what you feel. Whether it's the excruciating pain in your legs or the indescribable sense of fulfillment when the ride is over. Futurum understands why on earth you keep on getting back on your bike over and over again.

Futurum knows you need an outfit that takes you through the torment. An outfit that makes you look good and feel good, despite your agony.

It flashes through your mind
"Why am I doing this?"

But you know there will be a next time.
And a next one!

**FEEL FREE. FUTURUM.
THE CYCLING EXPERTS.**

Mes en foarke.

Lutske Stienstra

No't ik ald bin komme mij betiden dingen yn't sin. Hoe't it doe wie. Ik freegje bijgelyks wolris oan lju at se froeger thús mei mes en foarke ieten, as allinne mei de foarke. It mes derbij om it fleis te snijen. Sa dienen alle hallumers it. Op skoalle yn Ljouwert wie in lerares dy't in jier yn Amerika west hie. Dy fernuvere har deroer dat de Amerikanen allinne mei de foarke ieten. Dat fûn sij apart, se hie net nei Amerika hoechd om dat te sjen, dat koe yn Hallum ek.

Ús pake hie yn tsjinst lein mei in Amsterdammer. Dy kaam fan oorsprong fan Hijum en hij hiet fan Nieuwsma. Der waard kontakt holden, sadwaande rekke ik, doe't ik njoggen jier wie, nei Amsterdam ta útfanhûs. Hoe kaam ik dêre? Yn Hallum wie in frachtriderij dêrhinne. De auto liek mear op in grutte bus. Dêryn gienen ús Riemke en ik mei nei de grutte stêd. Yn dy bus wie fansels gjin radio. Der wie al mezyk, de eigners fan de bus, Renze en Louw Wagenaar, songen ûnderweis it heechste liet: "Als de klok van Arnemuiden...". Bonk-bonk-bonk wie de ritmyske begelieding op de Ôfslútdyk.

Ús Riemke kaam bij Nieuwsma, ik bij de famylje Van Heijst yn de Churchilllaan. Dêr seach ik hoe't it wie dat húzen op inoar stienen. Dat wie mij ferteld, húzen stienen dêr op inoar. Ik hie gjin idé hoe't je op in punt dak in hûs sette koenen.

Afijn, dêr yn de Churchilllaan (Oud Zuid) wie gjin dak te bekenen. Ik hie it net yn 'e gaten, mar it wie in sjieke buert. En ja, dêr brûkten se it ark oars bij it iten. Se ha mij leard hoe't it moest mei mes en foarke. Thús begûn ik der ek mei, se fûnen it rare meneuvels.

Ik mocht in kear mei nei opa en oma Homoet, de heit en mem fan mefrou. Menear Homoet hie fiif bakkerijen, ferneamd yn hiel Amsterdam. Sij wennen oan 'e Amstel. Dikke tapijten, in taartsje bij de té. It wie allegear prachtich, en menear Homoet sil it wol red ha, mar doe't der broodfabrieken kamen hie hij dêr al skea fan.

In jier as tsien lyn wie ik nei de RAI. Dat is net fier fan de Churchilllaan. Even sjen. It liek mij wat súterich wurden te wêzen, it aldersjiekste wie der ôf. In frou frege mij wat ik dêr die. Ik fertelde hoe en wat. Sij sei dat sij froeger boarte mei Peter, in soan fan Van Heijst.

Ik hie dêr in best plak. In tal jierren ha ik dêr útfanhûs west. Se namen mij mei nei Artis, de Bijenkorf, it Rijksmuseum, de Cineac, Charlotte Köhler ensf..

Alles wie oars as op 'e Jousumbuorren. Ik ha dêr in soad leard, net allinne ite mei mes en foarke.

HIPPE DRACHT

GvdM

Binne jo ien dy't de moade folget? Dan hiene jo yn de njoggentjinde iuw sûnder mis it Frysk kostúm droegen. Dy moade feroare mei de tiid.

Sa wie it fan 1750 ôf hip om sits, in mei de hân ferve blomrike katoen út Indië, yn te setten foar rokken en skelken. Sels striehuodden beklaiden se dermei. Stelle jo jo foar. Dy koene wol sa grut as in weintsjil wêze. Mei toutsjes oan wjerskanten koest him dan fersthâlde. Om 1850 wie it wer hip om in kostúm fan wollen en siden stoffen te dragen.

Nei de Grutte Lânboukrisis (1870-1890) komt der in ein oan it dragen fan dit kostúm.

It kostúm tsjinnet dan allinne noch mar as utering fan de Fryske identiteit.

Kontakt persoanen

Dhr J. Nieuwland	2e Johannesstraat 19, 7331 CE Apeldoorn, 055-5332130
Dhr. S.P. Hofstra	Prins Mauritslaan 7, 7316 EL Apeldoorn 06-49101989.
Mefr. A. Dwarshuis-van Driel	Zwolseweg 40, 7315 GM Apeldoorn 055-5220114
Dhr. L. van der Meulen	De Parkelaar 11, 7339 JC Ugchelen, 055-5341500
Mefr. S. Stegenga – Schilstra	Germanenlaan 26, 7312 JA Apeldoorn 055-3556700
Dhr. L. Toering	Wim Helderlaan 13, 7334 CR Apeldoorn, 055 5338734
Dhr. J.W. Kooistra	Pachtersveld 111, 7327 CS Apeldoorn, 055-5421259
Dhr. J. Klooster	Transformaterhof 33, 7331 XA Apeldoorn 055-3671597
Mefr. A. de Boer – Holwerda	Lindelaan 22 , 7391 JZ Twello, 0571-273036
Mefr. F. de Wilde - Witteveen	Rentmeesterhof 7, 6961 DB Eerbeek, 0313-654859
Dhr. G. Beldman	Het Have 12, 7232 DT Warnsveld, 0575-525504
Mefr. A. Roorda – Kooistra	Karel de Grootelaan 221, 7415 LV Deventer, 0570-591174

Ut ‘e Pinne is it ferieningsblêd fan it Frysk Selskip Fier fan Hûs Apeldoorn

Utjefte: Frysk Selskip “Fier fân Hûs” Apeldoorn, 58^e jiergong nûmer 1 septimber 2024

Redaksje: Henk de Boer, De Wezeboom 4, 6971 HP Brummen, 06-53929111

henkank.deboer48@kpnmail.nl

Lidmaatskip

Frysk selskip “Fier fân Hûs” Apeldoorn

Ynlage foar in jier € 15,00

Betankje allinnich skriftelik en foar 1 novimber by de skriuwer. Op 1 novimber wurdt it lidmaatskip automatysk mei in jier ferlinge.

Kontribúsje betelje op NL67 RABO 0303 3512 17 o.n.f. Fier fan Hûs

Een veilige haven
in moeilijke dagen



ROUWCENTRUM

Rouwenhorst

SINDS 1901

Christiaan Geurtsweg 24 - 26

7335 JV Apeldoorn

055 - 5414089 (dag en nacht)

www.rouwcentrum-rouwenhorst.nl

